



Nijsbrief fan de Feriening Bêd & Brochje

Juny 2021

Seizoen fan start

Pinkster, meast de tiid dat it B&B seizoen écht fan start giet mei boekingen foar de simmer. No't in soad fan ús al minimaal ien faksinaasje achter de rêch ha – en mooglik de measte gasten ek – liket de kust feilich om optimistysk te (wer)iepenjen. Toeristyske ûndernimmers yn ús provinsje sitte op hjitte koalen. Jildt dat ek foar jimme?

'It kin reïne, it kin drûch bliuwe' jildt noch wol foar alle covid-fersoepelingen, mei't it kabinet en RIVM de hân op de 'pauzeknop' hâlde wolle. It is ommers net te foarsizzen wat nije farianten dwaan sille. Dy siswize jildt letterlik ek foar it waar. Mar oft it hyt en drûch wurdt of just kâld en wiet, jimme Feriening is ree foar de simmer. We hawwe bijgelyks advertearre yn it PLUS-magazine en de lannelike Recreatiekrant, elk kin ús dus fine. Besjoch hokker musea wer iepen meie, dan ha ús gasten genôch kar-út foar natuer en kultuer. Gean benammen sels nei wat yn jimme omjouwing mooglik is.

Bestjoerlike saken

It bestjoer hat op 22 april foar it earst dit seizoen bij elkoar west. Sa kamen jild, kontribúsjes en kaskontrôle oan de oarder en is besletten om op 'e tiid útein te setten mei de tarieding fan ús Jubileumjier 2023. Op de bestjoersgearthoer fan septimber wurdt in subgroepke ynsteld. Neist twa bestjoersleden sykje wij ek leden dy't der nocht oan ha mei te tinken. It plan is om te begjinnen mei ien kear yn 'e twa moannen te brainstoarmjen. **Jouwe jo je op?** Of ha je snoad tips dy't de subgroep útwurkje kin? We wolle it jubileum oangripe om ek in pear fan ús oare spearpunten in slinger te jaan: 'Rekreaasjefyzje fan gemeenten', 'Gearwurkingspartners' en 'Mear (fergese) publisiteit'. Mar foarop stiet uteraard... IN DAVERJEND FEEST!

De webside is in haadstik apart. Lykas yn ús lêste nijsbrief stie, ha wij de nedige ferbetteringen dien. Op 'Home' stiet in nije knop 'Kom der yn'. Dêrop presintearje wij de nijste leden. Ek fertroude adressen binne opwurdearre ta in **fotogalery** fan alle leden. Sa kinne gasten gau sjen wat har oansprekt, dêrnjonken kinne se ek lyk as oars sykje fia de kaart of de karakteristiken.

Rûntsje bij de leden lâns

Wat ek oan de oarder kaam wie dat wij it kontakt mei jimme misse! Omdat wij it wisse foar it ûnwisse nimme hiene wij pas yn septimber wer in datum foar in Jiergearthoer 20/21 yn gedachten. Sadwaande betochten wij wat oars om de leden te treffen. De bestjoerders binne allegearre bij in pear adressen del gien om servetten te bringen en de 'nije' griene flyers te besoargjen. Dy leine al

mear as in jier te wachtsjen. We ha ûnderwilens nije leden krigen en âldere leden binne ophâlden. Smyt jimme âlde folders graach fuort. Dy binne net mear geskikt foar gebrûk! Dy nije leden? Wij sneupe mienskiplik gemeentlike pagina's troch op fergunningen en jimme jouwe oan ús troch wa't mooglik begjinne wol. Ek mei tank oan jimme entûsjasme en mûle-op-mûle reklame krije wij spontane oanmeldingen. Tefoaren wurde nije leden besocht troch twa bestjoersleden foar útlis en mooglike fragen. Se nimme materiaal mei lykas servetten, flagge, muorre-buordsje of ús boerd mei logo. Dêrnei komt de nije B&B op de webside en is de boel oan de gong. It bestjoer fûn it in grut geniet en moetsje jimme yn jim eigen B&B, faak ek mei in besite oan jim gasteferbliuw. De leden wurdearren it dúdlik sels ek. Elk is frege om in stapel griene flyers nei de tichtstbij lizzende VVV of TIP te bringen. No't yn ferskillende regio's foldermerken organisearre binne, dêr't wij safolle mooglik *acte de présence* jûn ha, hoopje wij optimaal sichtber te wêzen. Mei tank oan jimme foar de stipe dêrbij.

Temajier Fryslân

Merk Fryslân – dy't de toerismemarketing en -promoasje foar de hiele provinsje docht – hat 2021 útroppen ta Temajier **Ode aan het Landschap**. Oan dy kapstôk wurdt it kulturele oanbod, aktiviteiten fan ûndernimmers en de toeristyske attraksjes ophongen. Dat klinkt goed, mar ûnderskat jimsels net! Untwerp sels bijgelyks kuier-, fyts- of kanorûtes bij jim B&Bs wei, of doch wat *desk-research*. Op webside-syktocht nei wat ús provinsje te bieden hat, fine je bijgelyks op www.friesland.nl/nl '1000 fiets- en wandelroutes'. Of ûndersykje wat by jo mooglik is op Alle routes door Friesland | Friesland.nl. It stribjen fan ús Feriening is dat ús sprieding oer Fryslân tichter wurdt, sadat wij altiten 'yn 'e buert' binne foar toeristen dy't wat bepaalds besykje wolle. Toanielselskip Tryater hat nei oanlieding fan har foarstelling 'Nacht' al tasein ús B&B's yn de takomst oan te rikkommandearjen foar wa't in sliedplak siket yn de buert fan in optreden. Wij sykje benammen ferbining mei klups dy't lykas ús it Frysk eigene útdrage. Njonken Tryater soe ek It Fryske Gea in logyske partner wêze kinne. Ha jo tips foar oare gearwurkingspartners? It doel is om in searje gesprekken te fieren mei partijen om te sjen hoe't wij elkoar stypje kinne.

Rolstoeltagonklikens

Wa fan de leden hat in B&B, dy't 'rolstoeltagonklik' is? Dat hâldt yn dat it gasteferbliuw op 'e begeane grûn is, leafst gjin drompels hat en brede doarren. Nûgje ris immen út mei in elektryske rolstoel. As ekspert op dat gebiet sil dy jo drest fertelle kinne hokker ekstra oanpassingen winsklik binne. Tink oan in lege wasktafel en spiegel, in sitsje yn de dûs, muorrebeugels yn it sanitêr, ferljochting ensfh. Dy fraach kaam op doe 't bliken die dat wij op de side fan MediReva, in medyske spesjaalsaak, neamd wurde. Ien fan har útsjes gong oer it Fryske Kustpaad - per rolstoel. Mei de tip 'Overnachten doe je op z'n Fries bij een Bêd & Brochje'. Moaie reklame, mar meitsje wij dat wier? Lit ús graach hearre wa't konkrete foarsjenningen dan wol plannen yn dy rjochting hat. It soe moai wêze at wij alle soarten gasten in passend ûnderkommen biede kinne!

Oant sjen (graach gau)

Ha jimme in tema dat je behannele ha wolle yn in kommende Nijsbrief? Meldt dat graach. Underwilens hoopje wij elk op de noch te datearjen Jiergearkomste wer moetsje te kinnen en winskje wij jimme in goed seizoen ta yn fysyk en toeristysk opsicht!

Mei hertlike groetnis fan jim bestjoer,
Baukje Miedema, Alie Rusch, Dieuwke Visser
en Melle & Lutske Wijma